



Orgaan foar de Fryske taal

Rijksuniversiteit Groningen
Faculteit der Letteren
o/f Prof. dr. A. Visser
Postbus 716
9700 AS Groningen

Ljouwert, 10 jannewaris 2022

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Oangeande: ynput foar profyl nije heechlearaar Fryske taal en kultuer

Achte frou Visser,

De ôfrûne jierren hat de kennisynfrastruktuer fan it Frysk in soad yn de oandacht west. Op himsels is dat in goede saak, want publyk en bestjoerlik omtinken foar de kennissektor fan it Frysk is nedich en winsklik, en it jout oan dat dit ûnderwerp de Friezen dwaande hâldt. Mei rjocht en reden ek, want de kennis fan it Frysk leit oan it fûnemint fan hoe't we de twadde rykstaal bewoartelje en befoarderje binnen de Fryske mienskip, en ek dêrbûten.

DINGtiid is it wetlik advysorgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske taal (2014). Yn 2019 ha we in advystrajekt opstart oer de fraach hoe't de kennisynfrastruktuer fan it Frysk der idealiter útsjen kinne soe. Dat hat yn 2020 laat ta it twatalige advysrapport *Op 'e syk nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk*, dat oan it kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân oerlange is (sjoch taheakke). Grif mei nei oanleiding fan dat advyswurk hat de provinsje Fryslân yn 2020 in gearwurkingstrajekt binnen de kennissektor fan de Fryske taal inisjearre. As de 'Universiteit fan it Noarden' en as hofleveransier fan frisisten – dy't yn alle domeinen fan it Frysk har wurk fine en sa it yntellektuele fûnemint ûnder it Frysk mei foarmje – makket de RUG dêr út soarte diel fan út.

Ek al barre der op it stuit goede dingen oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk, en lykje de kennispartijen inoar yn tanimmende mjitte fine te kinnen, dochs kent it systeem noch guon kwetsbere plakken. DINGtiid hat, nei gâns petearen mei Fryske kennisbestjoerders en profesjonals, fêststeld dat der yn it kennisfjild fan de Fryske taal ferlet is fan fokus en rezjy, fan ferbining en gearwurking, en fan yn- en trochstream (advysnotysje, s. 5). Us advysnotysje wie derop rjochte om dy kwetsbere plakken te beneamen en útstellen ta ferbettering derfan te dwaan.

Yn de oanrikkemandaasjes (s. 24-25) ha we in soad oandacht foar de rol fan de universitêre frisistyk om de útdagings foar it Frysk yn de takomst mândsk te wêzen. Dat seit himsels, want de heechleararen fan de frisistyk binne de akademyske (op)lieders fan de Fryske taal. En wy kinne allinne de posysje, de behearsking en, úteinlik, it gebrûk fan it Frysk stimulearje as wy op heechleararen weromfalle kinne dy't oer autoriteit, kennis, fyzje en netwurk op it mêd fan de Fryske taal beskikke. Sy moatte de omstannichheden kreëarje foar de nedige útstream fan dosinten, beliedsmakkers, wittenskippers en oare profesjonals yn it fjild. Dy útstream is nedich om it Frysk syn winsklike en rjochtmjittige plak yn de maatskippij te jaan. Likegoed is der sprake fan in slim tekoart oan sokke profesjonals. Wat dat oangiet is it Frysk perfoarst in groeiende merk te neamen.

In sintrale oanrikkemandaasje fan DINGtiid wie dan ek om in sichtbere en sterke universitêre frisistyk as krúsjaal ûnderdiel foar de libbensfetberheid fan it Frysk te boargjen. Oandacht dêrfoar is nedich, want spitigernôch is de universitêre frisistyk om allerhande redenen al desennialang in nuodlike tûke fan de kennissektor fan it Frysk. En it docht jin gjin nij dat in ûnstabile situaasje net helpt om gearwurking en regeneraasje te befoarderjen. It Frysk hat der úteinlik fan te lijen. Dêrom hat DINGtiid yn de simmer fan 2021 yn oerlis mei Ryk en provinsje Fryslân besletten om in ferdjipjend advystrajekt op it mêd fan de universitêre frisistyk oan te gean. De advysfraach dêrby is om nei te gean op hokker wize oft de universitêre stúdzje fan Fryske taal en kultuer yn Nederlân yn de takomst optimaal foarmjûn wurde kinne soe om djiptekennis fan it Frysk te boargjen. Dat advystrajekt sil DINGtiid him yn de rin fan 2022 mei dwaande hâlde; neffens planning binne al foar de simmer fan 2022 de wichtichste oanrikkemandaasjes helder.


Der is lykwols no al in ûntjouwing geande dy't fan grut belang is foar de universitêre frisistyk: de proseduere oan de RUG om in opfolger fan de sittende heechlearaar te finen. Om't de heechlearaar Frysk sa'n grutte maatskiplike trochwurking hat as it om de Fryske taal giet, nimt DINGtiid graach de gelegenheid waar om jo mei te jaan wat yn ús optyk wichtige aspekten fan it profyl fan de nije heechlearaar binne.

Wat DINGtiid oangiet is de nije heechlearaar Fryske taal en kultuer in persoan:

- * dy't fanút bewiisde saakkundigens op it mêd fan de Fryske taal en kultuer in liedende en in ferbinende rol spylje kin binnen it kennisfjild fan de Fryske taal en kultuer;
 - * dy't regeneraasje, kennisoerdracht en kennisfergrutting oangeande de Fryske taal en kultuer ta syn/har haadtaken rekkenet;
 - * dy't binnen de ynternasjonale akademyske wrâld writen docht om de universitêre frisistyk duorjend in sichtber en eigen plak te jaan;
 - * en dy't de oansluting mei oare maatskiplike partners siket om it gebrûk en de behearsking fan it Frysk yn de Fryske mienskip op syn breedst te stimulearjen.
- Fryske taal en kultuer is wat dat oangiet méar as in akademyske dissipline: lykas niis sein giet der in grutte maatskiplike ferantwurdlikheid mank mei de posysje, dy't in heechlearaar Frysk wat ús oangiet ek te'n ynliksten fiele en aktyf útdrage moatte soe.

Wy winskje jo wiisheid en sukses ta mei de syktocht, en binne fansels altiten ree om mei jo fan gedachten te wikseljen oer de ynhâld fan dizze brief, of oer it advystrajekt dat DINGtiid yn 2022 yngean sil.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
foarsitter DINGtiid

Kopy:
foarsitter fan it Kolleezje fan Bestjoer prof. dr. J. de Vries

Taheakke:
Op 'e syk nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk (DINGtiid, 2020)

Rijksuniversiteit Groningen
Faculteit der Letteren
t.a.v. Prof. dr. A. Visser
Postbus 716
9700 AS Groningen

Leeuwarden, 10 januari 2022

Betreft: input voor profiel nieuwe hoogleraar Friese taal en cultuur

Geachte mevrouw Visser,

De afgelopen jaren is de kennisinfrastructuur van het Fries veel in de belangstelling geweest. Op zich is dat een goede zaak, want publieke en bestuurlijke aandacht voor de kennissector van het Fries is nodig en wenselijk, en het geeft aan dat dit onderwerp de Friezen bezighoudt. Terecht ook, want de kennis van het Fries ligt aan het fundament van hoe we de tweede rijkstaal verankeren en bevorderen binnen de Friese gemeenschap, en ook daarbuiten.

DINGtiid is het wettelijk adviesorgaan voor de Friese taal, ingesteld bij de Wet gebruik Friese taal (2014). In 2019 hebben we een adviestraject opgestart over de vraag hoe de kennisinfrastructuur van het Fries er idealiter uit zou kunnen zien. Dit heeft in 2020 geleid tot het tweetalige adviesrapport *Op zoek naar nieuwe dynamiek. Adviesnotitie betreffende de kennisinfrastructuur van het Fries*, dat aan het college van Gedeputeerde Staten van Fryslân is overhandigd (zie bijlage). Ongetwijfeld mede naar aanleiding van dit adviesrapport heeft de provincie Fryslân in 2020 een samenwerkingstraject binnen de kennissector van de Friese taal geïnitieerd. Als de 'Universiteit van het Noorden' en als hofleverancier van frisisten – die in alle domeinen van het Fries hun werk vinden en daarmee het intellectuele fundament onder het Fries in belangrijke mate vormen – maakt de RUG hier uiteraard deel van uit.

Ook al gebeuren er momenteel goede dingen wat de kennisinfrastructuur van het Fries betreft en lijken de kennispartijen elkaar in toenemende mate te kunnen vinden, toch kent het kennissysteem nog enkele kwetsbare plekken. DINGtiid heeft, na vele gesprekken met Friese kennisbestuurders en professionals, vastgesteld dat in het kennisveld van de Friese taal behoefte is aan focus en regie, aan verbinding en samenwerking, en aan in- en doorstroom (adviesnotitie, p.5). Onze adviesnotitie was erop gericht om zulke kwetsbare plekken te benoemen en voorstellen tot verbetering te doen.

In de aanbevelingen (p. 24-25) hebben we veel aandacht voor de rol van de universitaire frisistiek om de uitdagingen voor het Fries in de toekomst het hoofd te bieden. Deze aandacht spreekt voor zich, want de hoogleraren van de frisistiek zijn de academische (op)leiders van de Friese taal. We kunnen de positie, de beheersing en, uiteindelijk, het gebruik van het Fries alleen maar stimuleren als we op hoogleraren kunnen terugvallen die over autoriteit, kennis, visie en netwerk op het gebied van de Friese taal beschikken. Zij moeten de omstandigheden creëren voor de benodigde uitstroom van docenten, beleidsmakers, wetenschappers en andere professionals in het veld. Deze uitstroom is nodig om het Fries zijn wenselijke en rechtmatige plaats in de maatschappij te geven. Toch is er sprake van een ernstig tekort aan zulke professionals. Wat dat betreft is het Fries absoluut een groeiende markt te noemen.

Een centrale aanbeveling van DINGtiid luidde dan ook om een zichtbare en sterke universitaire frisistiek te borgen, als cruciaal onderdeel voor de levensvatbaarheid van het Fries. Aandacht hiervoor is nodig, want helaas is de universitaire frisistiek wegens allerlei redenen al decennialang een zorgelijk onderdeel van de kennissector van het Fries. Het lijkt geen twijfel dat deze instabiliteit de bevordering van samenwerking en regeneratie ondermijnt. Hiervan is het Fries uiteindelijk het kind van de rekening. Daarom heeft DINGtiid in de zomer van 2021 in overleg met Rijk en provincie Fryslân besloten om een verdiepend adviestraject op het gebied van de universitaire frisistiek aan te gaan. De adviesvraag hierbij is om na te gaan op welke manier de universitaire studie van Friese taal en cultuur in Nederland in de toekomst optimaal kan worden vormgegeven om dieptekennis van het Fries te borgen. DINGtiid zal zich in de loop van 2022 met dit adviestraject bezighouden; vermoedelijk zullen al voor de zomer van 2022 de belangrijkste aanbevelingen duidelijk zijn.

Er is echter momenteel al een ontwikkeling gaande die van groot belang is voor de toekomst van de universitaire frisistiek: de procedure aan de RUG om een opvolger van de zittende hoogleraar Fries te vinden. Omdat de hoogleraar ten aanzien van het Fries zo'n grote maatschappelijke doorwerking heeft, neemt DINGtiid graag de gelegenheid te baat om u mee te geven wat in onze optiek belangrijke aspecten zijn van het profiel van de nieuwe hoogleraar.

Wat DINGtiid betreft is de nieuwe hoogleraar Friese taal en cultuur een persoon:

- * die vanuit bewezen deskundigheid op het gebied van de Friese taal en cultuur een leidende en een verbindende rol kan spelen binnen het kennisveld van de Friese taal en cultuur;
- * die regeneratie, kennisoverdracht en kennisvergroting betreffende de Friese taal en cultuur tot zijn/haar hoofdtaken rekent;
- * die zich binnen de internationale academische wereld inzet om de universitaire frisistiek blijvend een zichtbare en eigen plek te geven;
- * en die de aansluiting met andere maatschappelijke partners zoekt om het gebruik en de beheersing van het Fries binnen de Friese gemeenschap op zijn breedst te stimuleren. Friese taal en cultuur is wat dat betreft meer dan een academische discipline: zoals zojuist aangegeven is er een grote maatschappelijke

verantwoordelijkheid annex met de positie, die een hoogleraar Fries wat ons betreft ook ten diepste zou moeten voelen en actief zou moeten uitdragen.

Wij wensen u wijsheid en succes toe met de zoektocht, en zijn uiteraard altijd bereid om met u van gedachten te wisselen over de inhoud van deze brief, of over het adviestraject dat DINGtiid in 2022 ingaat.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
voorzitter DINGtiid

CC:
Voorzitter van het College van Bestuur prof. dr. J. de Vries

Bijlage:
Op zoek naar nieuwe dynamiek. Adviesnotitie betreffende de kennisinfrastructuur van het Fries (DINGtiid, 2020)